

# Notulen Húshâldlike Gearkomste

1 septimber 2020



## Bywêzich:

- |                           |                          |
|---------------------------|--------------------------|
| 1. Jantsje Kroes          | 21. Elizabeth Stilma     |
| 2. Iris van der Wal       | 22. Afke Tesselaar       |
| 3. Tjalling Ozinga        | 23. Adriaan van der Veer |
| 4. Grytsje Folkertsma     | 24. Ragini van Guldener  |
| 5. Marly Visser           | 25. Jan Wytze Zuidema    |
| 6. Sharon Hesselink       | 26. Anne-Wil Bakker      |
| 7. Jelte Gerrit de Vries  | 27. Welmoed Sjoerdstra   |
| 8. Lucas van der Veer     | 28. Anna Smit            |
| 9. Tjitte hemstra         | 29. Anno Veltman         |
| 10. Arjen van Keimpema    | 30. Lucia Kamphuis       |
| 11. Jelte Hotsma          | 31. Daan Olthof          |
| 12. Nynke Stamm           | 32. Lisanne Pen          |
| 13. Thymo Baak            | 33. Marten Wytze Algra   |
| 14. Bob Wittermans        | 34. Daan van Soeren      |
| 15. Jesse Kraak           | 35. Robert de Boer       |
| 16. Lex Rietman           | 36. Anno Hofman          |
| 17. Eelkje Visser         | 37. Jacco Taconis        |
| 18. Wim de Jager          | 38. Marten Veenstra      |
| 19. Joran Lemke           | 39. Sander Postma        |
| 20. Fardau Henrike Visser | 40. Janneke Knol         |

## Machtigings:

Rimmer Wiebe van der Hoek machtiget Jelte de Vries  
Carolien Adema machtiget Jantsje Kroes  
Femmy Hoekstra machtiget Lucia Kamphuis  
Jacob Wijnsma machtiget Thymo Baak  
Teunia Stilma machtiget Anna Smit

## 1. Iepenjen gearkomste

Bakker iepent de gearkomste om 19:13. Der it gjin powerpoint op de beamer, want we sitte op in ektserne lokaasje (eader buerthús AC de Holm, Folkingestrijtte 9B) en it slagget net om de beamer oan te krijen en de laptop oansluten. Bakker hat dêrom de powerpoint yn de WhatsAppgroep stjoerd.

## 2. Goedkarren oantekens

Bakker: de oantekens fan de lêste HG, dy fan 9 juny 2020 stiet noch. Binne der fragen of opmerkingen? Der binne gjin fragen of opmerkingen, de oantekens wurde goedkard.

## 3. Goedkarren wurklist

Bysûndere punten op de wurklist binne hjoed is koroanabelied, de bydrage fan de âld-leden foar de Harpe en de Snubo (as se dy krije), de evaluaasje fan ús beliedsplan, de bestjoersferkiezings en de bestjoersoerdracht. Wol immen noch wat taheakje?  
Der binne gjin fragen of opmerkingen, de wurklist wurdt goedkard.

## 4. Ynkommen en útgeande stikken

Sjoerdstra: ik ha fjouwer ynkommen stikken, fjouwer kaartsjes. Mar we sitte no op in eksterne lokaasje en ik bin trije fergetten mei te nimmen, dat dy set ik letter yn de notulen, mochtest benijd wêze. It wiene twa bernekaartsjes fan âld-leden en in kaartsje fan Lienke Feenstra dat sy tegearre wenje soe mei har freon Frank. Dêrneist ha we in supermoai kaartsje krigen mei in fulkaan der op, neffens my út Sisylje. En dy komt fan... Jantsje en Welmoed, en der stiet op:

‘Supermooi gast  
VO

-Welmoed  
-Jantsje’

*\*letter taheakke:*

In kaartsje fan Allard en Fonny Krol, dat harren famke Marije berne is op 31 jannewaris 2020;

‘Net te beskriuwen hoe waarm de winter wêze kin  
Marije Berber  
Is geboren!’

In kaartsje fan Auke en Linda Plantinga – De Jong, dat harren famke Hanna berne is op 18 juny 2020;

‘Dêr wie it dan safier  
In lyts famke oer de flier  
Lytse hantsjes, lytse earkes  
In lyts kopkes mei in mini-noas  
Wy binne yn ‘e wolken  
Dat kin dochs net oars

Hanna Plantinga’

In kaartsje fan Lienke Feenstra, dat se tegearre wenje sil mei har freon Frank;

‘En dan valt alles op z’n plek..  
Als iets zo goed voelt, dan is de  
huur snel opgezegd.  
Per 1 juli 2020 trek ik, Lienke, in  
bij Frank.’

## 5. Bestjoersmeidielings

### Ponghâlder SB

Algra: we helje de staffel fan 100 HL net dit jier.

Baak: wêrom net?

Algra: we hawwe net genôch bier dronken.

Kraak: kinne we faaks in staffelwike organisearje?

Algra: dat kin.

Baak: hoefolle fusten moatte we bybestelle wolle we dy 100 HL wol helje?

Algra: 132 fusten.

Baak: passe dy allegear yn it SB, eventueel?

Algra: ik tink it wol, as we even goed sjen nei hoe’t it der yn passe kin, mar it SB kin dat net betelje.

A. van der Veer: kinne we de staffel fan 75 HL dan helje?

Algra: op it stuit helje we de earste tree noch net iens, fan 50 HL, we hawwe der al in petear oer hân mei Jan van der Zweep. Ik tink wol dat we dy dit jier noch helje.

### Ynterne

Kroes: ik ha myn potinsjele opfolger ynwurke, we hawwe in ynauguraasje hân en fjouwer nije leden ynwurke. We hawwe in mini konsty hân mei Cleo, sadat we dóchs in bytsje in konsty hiene, hiel smûk wie dat. We hawwe ek in hiele moaie einbarbekjû hân, nochris tige tank Akko foar de organisaasje!

We hawwe in filmke opnaam mei ien fan de kandidaatsbestjoeren. Ik ha in FJK1 opheven en wer in nijen yninoar set, dêr sels ek yn sitten en in soad wurk foar ferset, en drok dwaande west mei de KEI-wike sels fansels. Dêrneist ha ik de ynskriuwings belle fan de KEI-wike. Yn totaal binne der 11 hampels by kaam, mar der komme noch hieltyd minsken binnendruppeljen, sa as jim miskien ek wol sjoen hawwe yn de app. Dy nimme dan kontakt op fia de nije webside en dan komme se ris del, of wolle se harren direkt wol ynskriuwe.

Smit: it wiene 11 ynskriuwings yn de KEI-wike?

Kroes: ja, ien hat nee sein en ien ha ik noch net berikke kind. Mar de rest is hiel entûsjast en oprjocht ynteressearre yn de feriening.

Kroes: ik ha ek alle âlde foarstejiers trochspit om te sjen wat myn opfolger noch dwaan kin, oft se noch in jier meidraaie kin as foarstejiers of net. Dêrneist ha ik in nije Snuteboekkommissje yninoar set, âldergroepkes regele foar kommend jier en holpen mei posters ophingje yn Fryslân.

### Eksterne

De Boer: ik ha dwaande west mei de FJK1, we hawwe in moaie webside delsetten! Fierder ha ik in soad dwaande west mei de koroana, kontakt hân mei de boargemaster en de GGD. We hawwe de

KEI-wike dien, dêrfoar wie ik de earste kontaktpersoan. Yn de KEI-wike hawwe we in soad inhousetours hân en Q&A's, dat wie bêst yntens. O, en it moasjebakje is stikken, want der moast in gleuf yn oan de boppekant mar dat is net slagge.

Smit: wat wie dat mei it Straatberaad fan 'e wike? Anno en ik wienen hast de sjaak.

De Boer: ja, dat achte ik net hiel wichtich foar de feriening.

Baak: se stiene mei in elektryske auto en in lûdsboks bûten en blêrden wat oer it klimaat.

Kraak: wolst by de beunkommisje? No't dat moasjebakje mislearre is.

De Boer: dat liket my wol wat.

Kraak: we nimme it mei.

Wittermans: hoe stiet it mei de statuten fan de Kiezel? Der stiet my by datst dêr in deal oer sluten hiest oan it begjin fan it jier?

De Boer: dat is in oar ûnderwerp.

Lemke: heb je nog last van de buren nu Anja weg is?

De Boer: stikken minder no, ik ha allinnich mar leuk en posityf kontakt hân. We hawwe in nije buorfrou, dêr ha ik al kontakt mei hân, sy is skaplik en hie ek wol troch dat se tsjinoer in studenteferiening wenje soe. It giet goed mei it buorljukontakt.

## Ponghâlder Feriening

Hofman: ik ha filmkes yninoar setten foar de FJK1, en ik bin fergetten in twadde part fan it ledejild te ynkassearjen. Dat is in bytsje dom, mar fierder net in probleem. We dogge it no yn septimber, dat is noch yn myn boekjier, en de earstfolgjende komt yn desimber. Der falt no ek net ein soad te ynkassearjen mei de koroana, dat it is net in grut probleem.

De Boer: Anno hat yn koarte tiid filmkes montearjen leard. Efkes applaus dêrfoar.

## Skriuwer

Sjoerdstra: hallo, ik bin Welmoed. Ik ha yn de ôfrûne tiid mei Anno foar de gegevens fan de âld-leden yn it systeem sitten, dat kloppe nammentlik hielendal net, en no kloppet it noch hieltyd net mar it is krekt wat ferbettere. Ik bin dwaande west mei it ynwurkjen fan in kandidaatsskriuwer. Foar de FJK1 ha ik ek in soad dien, bygelyks ha ik de stikjes skreaun dy't op [wurdliid.bernlef.frl](http://wurdliid.bernlef.frl) stean en ha ik aktrise west in fideo's. Dêrneist ha ik drok dwaande west mei it tarieden fan de KEI-wike en de KEI-wike sels. En we hawwe posters ophong yn Fryslân. En ik ha dwaande west mei de Fryske les, alfêst.

Smit: do silst Fryske les jaan?

Sjoerdstra: ja, tegearre mei Fardau.

Veltman: wat is de status van Tim Wentel?

Sjoerdstra: dy ha ik út it kontrôlesintrum skopt.

## Foarsitter

Bakker: ik ha my ek dwaande hâlden mei [wurdliid.bernlef.frl](http://wurdliid.bernlef.frl). Yn de oanrin fan de KEI-wike ha ik dwaande west mei de protokollen en ha ik by de boargemaster west foar de lêste updates omtrint koroana.

Ik wol de âlde en de nije FJK1 tige tankje foar harren ynset yn de tarieding fan de KEI-wike en de wike sels, en de wurkgroep ek. Yn de KEI-wike ha ik in soad promoasjepraatsjes hâlden by de inhousetours. Ik ha dêrneist ek noch even koart kontakt hân mei WSSFS. Dizze wike ha ik foar it lêst in slút- en himmelroaster makke, en juster in praatsje hân op de radio by de omrop.

## 6. Koroanabelied

Bakker: foar de KEI-wike hawwe we op snein en letter op moandei wer in nij protokol stjoerd. We hawwe it doe strang delsetten en binne bliid dat elts begrip hie dêrfoar en goed meiwurke hat. Oer it algemien waarden de sitplakken goed bewekke. Der binne kontrôles west fan de KEI út, en dy wiene tevreden mei wat se seagen. Dit puntsje op de agenda is om elts de kâns te jaan wat te sizzen oer it koroanabelied, om fragen of opmerkingen meitsjen.

Der binne gjin fragen of opmerkingen.

## 7. Bydrage âld-leden Harpe/Snubo

Hofman: yn de lêste HG is besletten om it lede- en âld-ledejild te ferheegjen. Der wie doe in opmerking fan Thymo dat de Harpe- en Snubobydrage dy't no €10 is wol wat heger kin, omdat dy boekjes omrekene no ek djoerder binne as foarhinne. Ik ha dat neirekkene, per adres komme de kosten út op €12, €13. It foarstel is no de Harpe- en Snubobydrage te ferheegjen nei €15.

Bakker: dan wurdt it âld-ledejild fan kommend jier dus €35, en de Harpe- en Snubobydrage €15.

Lemke: hoeveel oud-leden maken hebben nog dit abonnement?

Hofman: ûngefear 40. Fan de 300 âld-leden dy't der binne is dat dus net in soad, mar fergelike mei de 100 leden dus wol.

We stimme: de Harpe- en Snubobydrage fan âld-leden wurdt ferhege fan €10 nei €15.

Der binne 5 machtigings.

Foar: 33

Tsjin: 0

Blanko: 1

Unthâlde: 0

It útstel wurdt oannaam.

## 8. Evaluaasje beliedsplan

Bakker: it is al in skoftke lyn, doe't we krekt begûnen hawwe wy in beliedsplan skreaun. No gean ik dat plan yn grutte linen bydel en fertel dêrby wat we wol en net dien hawwe. We hienen twa haaddoelen steld: it earste doel wie dat we foaropstelle woene dat de leden harren wolkom fiele soene op soas en Bernlef foar harren in twadde thús te meitsjen; it twadde wie profesjonalisearring fan de feriening.

*\*de folgjende taljochtings passe by it lyknûmere haadstik út it beliedsplan fan 'Fol Fjoer'*

2.1 Us strategy foar it earste doel wie om foaral sels in hiel soad op soas te wêzen, dat fûnen we aardich goed slagge. It twadde healjier fansels wat minder, trochdat we net iepen wienen mei it útbrekken fan koroana. We hawwe ek dwaande west mei in systeem dat minsken op de webside sjen koene oft der ien op de soas wie of net, der wie al in knop en alles besteld, mar doe kaam koroana en hawwe wy dat net ôfmakke. Dy fysike knop is wol binnenkaam, mar dus noch net oansluten. Dêrneist fûnen wy it wichtich dat leden studearje koene op soas, dat hawwe we ek fasilitearre yn de tentamenwiken doe't der noch fysike kolleezjes wiene. Mar dat is ek healweis it jier ophâlden troch koroana.

2.2 Foar it twadde doel binne wy dwaande west mei algemiene blaudrukken foar kommisjes, dêr hawwe we mei dwaande west, mar net ôfmakke. Wat we wol dien hawwe is in sollisitaasjekommisje opsette en dêr in blaudruk foar meitsje wêryn't de taken fêstlein stean. Dêrneist binne we dwaande west mei de kommunikaasjekanalen fan Bernlef en hawwe we in updates-WhatsAppgroep oanmakke, sadat wichtige berjochten net bedobbe wurde ûnder minder wichtige appkes. We hawwe ek de aktiviteiten op de side en yn de ledemail sa goed as altyd up-to-date en syngronisearre, sadat de kommunikaasje nei de leden dúdlik wie. As lêst hawwe we de Google Drive opromme en oersjochtliker makke, en hawwe we dit jier it lede- en âld-ledejild ferhege, dat giet dan foaral oer de takomst fan de feriening.

3. De jierplenning: dêr hawwe we ús dit jier net oan hâlde kinnen, ik nim oan dat elts dat begrypt.

4. Ynterne saken: we hienen suksesfolle ynauguraasjes, de hampels wiene altyd hiel entûsjast oer de jûn sels. Dit jier wie it foar it earst dat de âlden ek ferplichte oanwêzich wiene op de foarstejersjûnen, neffens ús is dat posityf útpakt. Bûten Bernlef hawwe we noch mear aktiviteiten organisearre foar allinnich de foarstejers, lykas bowlen, en dat wie ek altyd in súkses.

Dit jier hawwe we ek yntrodusearre om op tongersdei om 20:00 te iepenjen sadat Bernlef tagonklikker wêze soe foar minsken dy't bygelyks thús wenje. Mar letter troch koroana binne alle iepeningstiden wer oanpast, nei 20:00 oant 01:00 oere.

5. Kommisjes: dy wiene ek altyd suksesfol fold en op de manier dat we dat woene, mar de útfiering wie wat minder, fanwegen koroana. In soad aktiviteiten wiene wol organisearre mar koene dochs net trochgean. We hawwe de PK fan de sosjale media ôf helle, dat hat de skriuwer dit jier dien. De sollisitaasjekommisje en it meitsjen fan de blauprinten dêrfan binne al bepraat, mar dy falt fierder ek ûnder dit kopke.

6. Eksterne saken: de Fryske saak hawwe wy dit jier net in soad oan dien. Der sit sûnt dit jier ien fan DSSFS Aldgillis yn de KKK. We wiene fan doel mear gear te kommen, mar dat gie ek net troch fanwegen koroana. Oer de buorlju is net in soad te melden, we hawwe net in soad klachten hân.

Van Soeren: hoe kin dat dat it better is mei de buorlju?

Algra: Robert hat goed syn bêst dien.

Ferline jier is al in hússtyl fêststed, wy wiene fan doel dy út te wreidzjen mei ramten en formats foar op de sosjale media. Dat hawwe we net dien, yn stee dêrfan hawwe we in nije webside opsetten: wurdliid.bernlef.frl. Dêrfoar binne wol nije ramten en banners ensafuorthinne ûntwurpen yn deselde styl, dy kinne yn de takomst ek brûkt wurde.

Oer it algemien hawwe we dit jier in soad dwaande west mei de koroana, dêrtroch hawwe we dingen lizze litten, mar in diel fan wat we woenen hawwe we wol dien. We hoopje dat elts him wolkom field hat op de soas.

Der binne fierder gjin fragen of opmerkingen.

## 9. Bestjoersferkiezings

Bakker: it is tiid foar de bestjoersferkiezings! Trije kandidaatsbestjoeren hawwe harren oanmeld:

Bestjoer 'De Wyn fan Moarn', bestjoer 'Pecunia Frisiae' en bestjoer 'Fol Jiske'. Ien foar ien sille se wat fertelle oer harren plannen as nij bestjoer, dêrnei sille de kandidaatsfoarsitters fan elts bestjoer mei-inoar yn debat. Dêrnei wurdt der skriftlik stimd. As earst mei bestjoer 'De Wyn fan Moarn' nei foarren ta komme, dat bestiet út: Lucas, Nynke, Wim, Sharon, Marly en Jan Wytze.

L. Van der Veer: \*iepent mûle om wat te sizzen\*

Baak: Moasje fan oarder! It bestjoer moat yn de seal sitte, net efter de kandidaatsbestjoersleden!

Der wurdt stimd oer dizze moasje fan oarder.

Foar: in bêste swik

Tsjin: 0

Blanko: 3

Unthâlde: 0

De moasje fan oarder wurdt oannaam.

L. Van der Veer: \*iepent mûle wer om wat te sizzen\*

Publyk: adtje speech!

L. Van der Veer: \*adt\*

### Kandidaatsbestjoer 'De Wyn fan Moarn'

L. Van der Veer: wy binne De Wyn fan Moarn, en wy wolle graach it oankommend bestjoer wurde. Us earste oanpassing yn de feriening is dat we de airco ferpleatse wolle nei de dûnsflier, want de minsken dy't dûnsje hawwe de kjeld mear nedich as de minsken yn de autistehoeke.

Wittermans: moat de beunkommisje dat even dwaan?

L. Van der Veer: graach!

L. Van der veer: we wolle graach wat mear dwaan mei de foarstejiers as allinnich de foarstejiersjûnen.

Hast elts yn dit KB hat âlder west, wy hawwe ferline jier meidraaid mei de bern. Ien fan de dingen dy't goed befoelen wie bygelyks dat bowlen. Dat wie in goed besochte aktiviteit. In soad foarstejiers binne dêrnei ek op soas bleaun. Dat wolle we graach trochsette.

Dêrneist wolle we graach wat dwaan oan promoasje yn Fryslân. Fysike promoasje, dat hawwe we ek al wat dien mei dat posterjen fan ferline wike, en ek online promoasje.

Omdat it jier fansels ûnwis is mei de koroana, wolle we by alle eveneminten dy't we plenne in plan B hawwe. Dat kin online wêze, of earne op in lokaasje dêr't mear romte is. Faaks yn de iepen loft as it waar dat talit.

We wolle ek miskien lustrumaktiviteiten ynhelje as dat kin. Wy hawwe hiel bot útsjoen nei dit lustrum, en fine it ferfelend dat in soad net trochgean koe. Dat wolle we graach ynhelje.

O, en we wolle de kelder ferbouwe, we wolle dêr in jacuzzi delsette.

Kraak: faaks kinne we dan ek wol baantsjes lûke yn de kelder.

L. Van der Veer: gean dan mar nei de ACLO.

Hemstra: meie we ek wer luchtbuks sjitte yn de kelder?

L. Van der Veer: dêr wol ik wol mear oer yn petear mei de Stifting.

Van der Wal: wa binne de bestjoersleden eins?

*Elts fertelt wat hy of sy wurde wol: Lucas wol foarsitter wurde, Nynke skriuwer, Wim ponghâlder feriening, Sharon eksterne, Marly ynterne, Jan Wytze ponghâlder sosjéiteit.*

Baak: wat binne jim kwaliteiten dy't jim geskikt meitsje foar de funksje?

Stamm: ik bin gjin prater, mar in skriuwer.  
Hesselink: gewoon, beetje netwerken.  
Zuidema: ik kin goed sûpe en neat dwaan.  
M. Visser: ik kin hiel goed lústerje nei de leden.  
L. Van der Veer: ik bin in natuerlike lieder.  
De Jager: ik ha in soad tiid oer.

Bakker: it folgjende kandidaatsbestjoer dat him oanmelden hat foar de bestjoersferkiezings is bestjoer 'Pecunia Frisiae', besteande út: Thymo, Jacob, Jesse en Adriaan.

### Kandidaatsbestjoer 'Pecunia Frisiae'

Baak: jim hawwe heard wa't der yn dit bestjoers sitte, de hear Wijnsma is spitigernôch ôfwêzich want dy moast dûnsles folgje. Nettsjinsteande sil der digitaal oanwêzich wêze fia in fideoboadskip.

*De fideo fan Wijnsma wurdt toand, wêryn't de hear Wijnsma dúdlik makket wat hy fan it saneamde 'bestjoerskartel' fynt; hy stiet op tsjin dat kartel.*

Baak: Rju achte leden, beste freonen, *habemus besturum*. Myn namme is Thymo Baak en foar jim sit it bestjoer fan kommend jier. In bestjoer fan kennis & kunde, diedkreat & slagkreat en ûnbetwiste moaiens. Wy binne de mannen mei de plannen. In wier sakenbestjoer. Mar ek wy stean foar in protte útdagingen. Sa dwarsbeammet it ôfgeande bestjoer *ultra vires* earlike en suvere ferkiezings. Sy spanne gear mei it kandidaatsbestjoer 'De Wyn fan Moarn' en wurkje ús tsjin. Mar wy litte ús net tsjinhâlde, *a contrario*. Ik sil it rjocht tsjin jimme sizze, de siel fan Bernlef stiet op it spul by dizze ferkiezings. Litte jimme jim as makke skiep nei de slacht ta fiere? As komme jimme yn ferset tsjin it bestjoerskartel dat harren gedraacht as in *dictator in perpetuum*? Ik hie wol witten oan hokker kant fan de skiednis ik stean soe. Mar no oer de ynhâld, want allinnich fertelle dat wy in plan ha, kin fansels net genôch wêze. *Facta, non verba*.

Us plan bestiet út twa dielen, in beliedenisplan, dat troch ús *Custodes Cultura* Adriaan van der Veer presentearre wurde sil en de paadwizer foar it spirituele libben am soas wêze moat, en in punt as 12 foar praktyske saken. Fierder wol ik graach myn lêste twa bestjoersgenoaten foarstelle, *abactis* Jesse Kraak en *quaestor* Jacob Wijnsma. Earst in pear wurden fan ús *quaestor* Jacob Wijnsma. No sil ús *custodes cultura* it beliedenisplan presentearje.

*Amen.*

A. van der Veer: Dan no oer nei de 12 praktyske punten.

1. It bestjoer sil fan no ôf oan allinnich mar bestean meie út minsken dy't ferstân fan saken hawwe.
2. Der wurdt alwer in nije bestjoersfunksje yntrodusearre, de *custodes cultura* moat wake oer it ûnstoflike en kulturele erfgoed fan de studintekultuer.
3. Bernlef wurdt fan no ôf oan in tradisjonele studinteferiening en komt de Feriening foar Boreale Jongerein Bernlef te hjitten. FBJ Bernlef dus.
4. Wy wolle dat Bernlef dominant blank en kultureel bliuwt sa at it is. Dêrom wurdt it kwotum op tatredingen fan Hollanners op 'e nij ynfierd.



5. Op it ynskriuwformulier komt in suverheidsferklaringsfakje. Dêrmei kinst oanjaan út hoefolle generaasjes fan Fryske ynsest ast komst. Dit is wichtich om't it ús de mooglikheid biedt om in eugenetica programma op te setten foar Bernlefbêrn.
6. Der wurdt in 'Gouden-Tiid Ynstitút' opsetten om alle Bernleffers te leren oer de goeie âlde tiid en hoe moai alles doe wie.
7. Der komt in meldpunt foar Oast-Nederlanners, lju út de Achterhoek binne de deastek foar de Hollânske maatskippij, en dus seker foar de superieure Fryske maatskippij.
8. Wy lûke ús werom út alle oerlisorganen en konvenanten dy't ús autonomy ûndermijne en de Fryske Frijheid yn gefaar bringe.
9. Jimme witte net wat der allegear spilet yn de feriening en dus moat de transparansje better. Alle bestjoersoerlizen sille foartaan yn de Bernlef app hâlden wurde.
10. Hollânske leden bringe heechere maatskippelike kosten mei harren mei. Hjirom moat it ledejild foar harren omheech.
11. Der komt in klachtenkommisje wêr't oikofobie en anti-Fryske sentimenten oanjûn wurde kinne.
12. De airco moat ferpleatst wurde nei de kelder sadat de loftkwaliteit dêr foarút giet ta behoeve fan de klachtenkommisje har oerhearingssessies.

Baak: *Facta, non verba*, wêrfan akte. Wy stean as Bernlef foar in monumintale kar, slaan wy in oare wei yn en herstelle wy de fergiene glorie fan eartiids, as litte wy ús ferleide troch de wurden fan false profeten dy't de bik op 'e ûnwisse takomst hawwe? It is oan jimme beste leden, *alia iacta est!*

*Bernlef supra omnia.*

Tesselaar: wat binne jim kwaliteiten?

Baak: we binne gewoan moaie kearels.

Van Keimpema: wat is jim mentaliteit tsjinoer de VOC?

Baak: dêr wolle we nei werom.

F. Visser: wie it in bewuste kar dat der gjin froulju yn jim bestjoer sitte?

Baak: dy wiene gewoan net geskikt foar de funksjes.

Ozinga: zou je een halve dag op mijn piano willen liggen?

Baak: dat zou ik best willen.

Bakker: tankjewol, bestjoer Pecunia Frisiae. Dan mei no it lêste kandidaatsbestjoer nei foarren ta komme, bestjoer 'Fol Jiske'.

### Kandidaatsbestjoer 'Fol Jiske'

Hofman: yn ús jier kaam hat de koroanakrisis ús de das om dien, ús fjoer is sa goed as dôve. Dan wurdt it jiske. Dêrom binne wy kandidaatsbestjoer 'Fol Jiske'. Wy binne klear mei koroana, it kommende bestjoersjier sille wy alle maatregels negeare. As der ien koroana krijt, gean we mei ús allen yn karantêne op de soas, dan binne we allegear immuun en kin it libben foar bernleffers wer trochgean. Ik sil myn bestjoersleden foarstellen:

- Marten wurdt ektserne, ynterne en skriuwer.
- Robert wurdt ponghâlder feriening en soasbestjoer.

- Welmoed, Jantsje en Anne-Wil wurde himmel. Welmoed docht ek it kontakt mei de boppebewenners.

Kraak: wat bart der as der in werbesmetting is?

Hofman: dat kin net.

Baak: hoefolle deade bernleffers is akseptabel?

Hofman: ik liuw heilich in natuerlike seleksje, dat ik fyn alles bêst genôch.

De Boer: we binne ek jong, dat we hawwe der minder lêst fan.

Kamphuis: kinst dy himmel ek foar thús ynhiere?

Algra: fiif euro yn it oere.

Baak: dogge se dan ek moaie pakjes oan?

Algra: dat kostet mear.

Bakker: no is it klear.

Kraak: komt der ek in handdoek by it manljushûske te hingen?

De Boer: nee.

Bakker: om fierder te gean mei de bestjoersferkiezings, moat der in stimkommisje oansteld wurde. Dêr binne twa minsken foar nedich. Binne der twa frijwilligers?

Ozinga en Wittermans melde harren frijwillich oan en meie nei foarren ta komme.

Bakker: alle trije foarsitters fan de kandidaatsbestjoeren meie nei foarren ta komme. Dan hawwe we tsien, maksimaal fyftjin minuten foar it foarsittersdebat. De stimkommisje stelt fragen. Nei it debat hawwe we fiif minuten skoft, dan kin elts der goed oer neitinke, dan stimme we.

## Foarsittersdebat

**Ozinga: door de coronacrisis missen we natuurlijk een boel geld. Hoe gaan jullie dat gat opvullen?**

Baak: dat kin ik dy presys fertelle. We hawwe in grut ferlies kommend jier, dat sit him yn de bonus dy't we fan Heineken krije. Dat ferlies wurdt opfolle troch it feit dat de feriening dit jier folle minder útjeften hat, bygelyks yn de KEI-wike. De rest fan it jild kin fan de sparrekken ôf helle wurde.

L. Van der Veer: dat kloppet. Wûnderbaarlik.

Hofman: it kloppet wol ûngefear wat Thymo seit.

**Wittermans: hoe sille jim mear leden oanlûke yn de koroanacrisis?**

Hofman: \*docht mûle iepen om wat te sizzen\*

Smit: smoke yn de soas, fol jiske!

Hofman: krekt as oars, dêr hawwe we net in spesifyk plan foar.

L. Van der Veer: wy wolle trochsette op it oanlûken fan leden yn Fryslân sels. Datst se dêr al waarm makkest, want bist te let as se hjir al komme.

Baak: der moatte net mear leden komme, de kultuer fan de feriening moat net ten koste gean fan de winsk om it ledetal te ferheegjen.

**Wittermans: wat binne jim plannen mei de ynauguraasjes?**

Hofman: de ynauguraasjes binne laf, ik bin mear fan it fysyk oanpakken.

Van Keimpema: wat bedoelst mei fysyk oanpakke?

Hofman: in sek oer de holle, dan in bytsje pleagje.

L. Van der Veer: nee, ik nbin tsjin. Wy fine se prima sa as se no binne.

Baak: de earste stap is om de strop yn it bestjoersshok wer op te pakken. Dat is it bêste middel om te driigjen. Dan kinst fearnje, swypslagen jaan, mooglikheden genôch.

**Algra: wat is jim plan mei it lustrum? Dat is no aardich yn it wetter fallen, wolle jim dêr noch wat mei dwaan?**

Baak: lustrum, boeiend.

L. Van der Veer: lustrum, supermoai, dogge we kommand jier.

Baak: wêr silst dat fan betelje dan?

L. Van der Veer: jild.

**Ozinga: ik heb een vraag over de transparantie. Hoe willen jullie ervoor zorgen dat de leden weten wat er speelt?**

Baak: dat ha ik krekt ferteld, wy wolle al it bestjoersoerlis yn de WhatsApp.

L. Van der Veer: wy hâlde de Updates-groepsWhatsApp en de ledemail om de leden op de hichte te hâlden.

Hofman: dit is in domme fraach.

**Wittermans: op it stuit is Bernlef twa kear, faaks trije kear yn de wike iepen. Hoe faak wolle jim dat dwaan?**

Hofman: wy hawwe de iepeningstiid fan 20:00 oere betocht, dat wolle wy hâlde en we wolle trije dagen yn de wike iepen.

L. Van der Veer: Bernlef wie no twa kear yn de wike iepen troch de simmerregeling, oare jierren is Bernlef sa'n ien dei yn de wike iepen, dus dat is al faker as normaal. Wy gean no wer foar trije dagen yn de wike, mar faaks tiisdei ek betider iepen.

Baak: ús fisy is dat eltsenien dy't in suver Fries is in kaai fertsjinnet.

Smit: wat dogge jim mei it koroanabelied?

L. Van der Veer: sa as it no giet, giet it prima.

Hofman: ik tink dat ik dat yn myn speech wol dúdlik makke ha.

**Tesselaar: der is in maksimaal oantal plakken yn de soas. Hoe wolle jim nije leden wolkom hjitte as se net yn de soas passe?**

L. Van der Veer: dat kloppet, sawol nije as âldere leden moatte gewoan komme kinne. Op de foarstejersjûnen sille de foarstejers foarrang hawwe. Mar mochten minsken earder nei hûs ta wolle, dan kin in gewoan lid komme. Dêrneist wolle we dingen bûten de soas organisearje, dan kinne se better yn de kunde komme mei de feriening.

Hofman: mei ús nije belied is dat gjin probleem mear, eltsenien kin yn de soas.

**Kraak: neffens Pecunia Frisiae krije alle suvere Friezen in kaai fan de soas. Hoe steane jim dêryn?**

L. Van der Veer: yllegaaltsjes moatte grif bliuwe, mar foar de rest bliuwe de kaaien gewoan by de KO's fan de kommisjes en by de bestjoersleden.

Hofman: it bestjoer bepaalt wa't in kaai krijt.

## Stimmen

Bakker: it stimmen sil skriftlik barre. De nammen op de ynskriuwwist wurde ien foar ien oplêzen; wannear'tst dyn namme hearst, krijst in briefke. Wannear'tst machtige bist, krijst der twa. Op dat briefke skriuwst de namme fan it kandidaatsbestjoer dêr'tst op stimme wolst.

Kinst kieze tusken 'De Wyn fan Moarn', 'Pecunia Frisiae' en 'Fol Jiske'. Ast it ferkeard opskriuwst, of wat oars opskriuwst, dan is dyn stim ûnjildich. Ast it opskreaun hast, dan tearst him twa kear op. De briefkes wurde ek troch middel fan nammen oproppe wer ynlevere.

De Wyn fan Moarn: 21

Pecunia Frisiae: 9

Fol Jiske: 2

Unjildich: 13

Dat binne 45 stimmen, it kloppet. We felisitearje bestjoer 'De Wyn fan Moarn'!

Bakker: normaliter barre der no bestjoersdingen, mar dat kin net, want we hawwe gjin tiid. We gean no earst troch mei it folgjende puntsje op de agenda.

## 10. Stifting

Bakker: der is net in soad nijs, de status is itselde as op de lêste HG. We sille wol noch út iten mei Pier om him te tankjen foar syn ynset yn dit jier. Fierder binne der gjin gekke dingen.

Van Soeren: wat hat Pier dien dit jier dan?

De Boer: hy hat glês kocht foar dy balkondoar dy't stikken gien is, dy is der noch net yn setten. Hy is minder oanwêzich west op de feriening, we hoopje dat hy aktyf bliuwt. Hy hat de ôfrûne jierren de hiele soas ûnderhâlden, de hiele soas sa as dy der no stiet is oan him te tankjen.

Veltman: gaat het goed met de gezondheid van Pier?

Bakker: mei himsels giet it goed, oan it begjin fan it jier wat minder. Mar syn mem is ek slim siik, dêr is hy in soad mei dwaande hâlden yn de simmer.

## 11. Federaasje

Bakker: mei de Federaasje is ek net in soad bard, we hawwe wol kontakt mei se hân. Blykber sil WSSFS oare wike einliks wikselje fan bestjoer. Yn Delft giet it noch hieltyd itselde, DSSFS wie dwaande him yn te skriuwen as feriening by de KVK, der hat ek praat west oer jild út de Federaasje dat se dêrfoar brûke woene, mar dat stiet no allegear stil. Mar Marten fan DSSFS sit dus yn de KKK.

Smit: hoefolle nije foarstejiers hawwe de oare feriening krigen?

Bakker: DSSFS: gjin idee, WSSFS: sân.

## 12. Kommisjes

### KKK

Veenstra: 28 desimber organisearje wy it Krystkongres. We hawwe kontakt hân mei de Bogt en de Terp, dêr koene genôch minsken yn.

Stamm: do seidest de Bogt en de Terp, we kinne dus sliepe yn de Terp?

Veenstra: ja, mar allinnich alve minsken.

Van Soeren: wêr sliept de rest dan?

Veenstra: dêr tinke we noch oer nei.

Kraak: as der genôch plakken binne yn de Bogt, hawwe de dan boppe en ûnder iepen? En hoe dogge jim it mei it wikseljen fan plakken mei ferskate eveneminten?

Veenstra: noch net echt oer neitocht.

Smit: hoefolle plakken binne der yn de Bogt?

Veenstra: ik liuw 70.

Kamphuis: hoe groot is de kans dat het daadwerkelijk door kan gaan?

Veenstra: mocht it net trochgean, dan wolle we faaks in online ferzje organiearje.

Van Soeren: faaks is der wol plak op de biljarttafel.

Smit: of derûnder.

Baak: hoe fynsto dat de KKK rint?

Veenstra: ja, prima.

Baak: echt?

De Boer: it is my oant no ta wol befallen.

## Alde Snubo

Ynkomsten		Utjeften	
Budzjet	900	Snubo's (80 stiks)	1182.65
Lustrumbudzjet	50	Posters (leberlist)	102.85
Stipers Afûk en Tresoar	500	Kearskes	19.45
		Snubo útrikking (drankjes)	26.4
Totaal	1450	Totaal	1331.35

Baak: wêr bliuwe de kearskes?

Ozinga: ik heb de regie niet in handen gehad.

M. Visser: dy komme net mear.

Kamphuis: volgens mij missen er wat stukjes uit de snubo, die wel zijn ingestuurd.

Ozinga: dat is fout gegaan bij de redactie. Je kunt ze naar de Harpe sturen voor een correctie.

## FJK2

Kraak: we hawwe gjin kamp hân, dat der binne gjin útjeften. It tema fan de Iepen Dagen is 'festival'.

## Akko

Stilma: de Einbarbekjû wie in machtich moai feest!

*Prizen fan Gotcha! wurde útrikke.*

## Kasko

Baak: der moat in nije Kasko foarme wurde, dêr sit in oantal easken oan fêst. Der meie gjin ôfgeande bestjoersleden yn sitte, fan wa't de boekjierren noch net goedkard binne. Anno (H.) wol yn de Kasko, dat kin op dit stuit dus noch net. By de Kasko komme no Jorn, Jelte (H.) en Arjen. Op de kommende HG wurdt oer dy gearstalling stimd, want dat is de HG dat de ponghâlders úthammere wurde. As minsken tinke: ik bliuw noch lang by Bernlef, of ik wol ea ponghâlder wurde, dan kinst dy oanmelde. Ast al bestjoer dien hast is it net handich, de groep moat net al te grut wurde.

Fierder: de sifers sjogge der prima út. Der binne in pear lytse flaters, sa as is net dwaan fan aksjepunten, mar it komt neffens mywol goed. De ponghâlder hawwe oant 1 oktober om de boekhâlding ôf te krijen, en ik ha der alle betrouwen yn.

De Vries: noch in meidieling: Thymo wurdt wierskynlik de nije KO.

Baak: ja, as de HG akkoard giet. Mar hoe't dy my hjoed behannele hat...

## 13. Rûnten

### Fatsrûnte

*Fardau Visser, Joran Lemke en Adriaan van der Veer komme nei foarren ta.*

F. Visser: wy fatse yn hiele strakke seksy klean, en hiel hurd, en net mei bier op. Jorn, Jeljer, Durk en noch mear sitte der yn. Wurdst hjir entûsjast fan, dan kinst dy oanmelde!

Algra: fytse jim ek nei Fryslân ta?

F. Visser: ja, ik wol.

Algra: Limburg is wol in ein. Ik tink der even oer nei.

## 14. Bestjoersoerdracht

### Yn & uthammerjen

#### **Bakker**

Mei rju achte tanksizzing wol ik úthammerje út it 95e bestjoer, Fol Fjoer, as ponghâlder sosjéiteit, Marten Wytze Algra

Mei rju achte tanksizzing wol ik úthammerje út it 95e bestjoer, Fol Fjoer, as ynterne, Jantsje Kroes

Mei rju achte tanksizzing wol ik úthammerje út it 95e bestjoer, Fol Fjoer, as ponghâlder feriening, Anno Hofman

Mei rju achte tanksizzing wol ik úthammerje út it 95e bestjoer, Fol Fjoer, as skriuwer, Welmoed Sjoerdstra

#### **De Boer**

Mei rju achte tanksizzing wol ik úthammerje út it 95e bestjoer, Fol Fjoer, as foarsitter, Anne-Wil Bakker

Ik wol ynhammerje yn it 96e bestjoer, as eksterne, Sharon Hesselink

#### **Hesselink**

Mei rju achte tanksizzing wol ik úthammerje út it 95e bestjoer, Fol Fjoer, as eksterne, Robert de Boer

Ik wol ynhammerje yn it 96e bestjoer, as foarsitter, Lucas van der Veer

#### **Van der Veer**

Ik wol ynhammerje yn it 96e bestjoer, as skriuwer, Nynke Willemijn Elisabeth Stamm

Ik wol ynhammerje yn it 96e bestjoer, as ponghâlder feriening, Wim de Jager

Ik wol ynhammerje yn it 96e bestjoer, as ynterne, Marly Visser

Ik wol ynhammerje yn it 96e bestjoer, as ponghâlder sosjéiteit, Jan Wytze Zuidema

## 15. Aljemint

Van der Veer begjint syn ynstallaasjerede.

Van der Veer: om 'e wille fan 'e tiid sille wy de moasjes trochskowe nei de folgjende HG. Dêrom hâlde jim dy te goed. We moatte noch in oantal leden fan kommisjes úthammerjen.

Eins kaam it idee om bestjoer te dwaan by Bernlef al foardat ik lid wie. Ik haw yn 'e tiid fan doe oant no in groep minsken kennen leard dy't it krekt sa moai, net moaier fûn om bestjoer te dwaan. Wy gean derfoar soargjen dat wy in moai delsette, en dat wy derfoar soargje dat safolle mooglik aktiviteiten trochgean meie, online of net. Wy gean der hoe dan ek in moai jier fan meitsje, fucking moai vo!

*Lucas lûkt in adt.*

Van der Veer: mei rju achte tanksizzing wol ik úthammerje út de Lustrumwikekommisje:

Welmoed Mous,  
Teunia Stilma,  
Anna Smit,  
Durk Betsema,  
Iris van der Wal,  
Sytske Wiegersma,  
Jelte de Vries,  
Tony Herbrink.

Van der Veer: mei rju achte tanksizzing wol ik úthammerje út de FJK3:

Sharon Hesselink,  
Jan Wytze Zuidema,  
Wim de Jager,  
Nynke Stamm,  
Marten Veenstra,  
Jack de Boer,  
Emma Smith.

Hesselink: mei rju achte tanksizzing wol ik úthammerje út de FJK3:

Lucas van der Veer.

Van der Veer: mei rju achte tanksizzing wol ik úthammerje út de Snuteboekkommissje:

Joran Lemke,  
Janneke Knol,  
Iris van der Wal,  
Tjalling Ozinga,  
Tony Herbrink,  
Anne Kuipers,  
Marly Visser,  
Nynke Stamm.

Van der Veer: Mei rju achte tanksizzing wol ik úthammerje út de Galakommisje:

Iris van der Wal,  
Nelly van Dijk,  
Denise Kramer,  
Deanne Baak.

Van der Veer: mei rju achte tanksizzing wol ik úthammerje út de Harpekommissje:

Deanne Baak.

Van der Veer: mei rju achte tanksizzing wol ik úthammerje út de Fryske les kommissje:

Iris van der Wal.

Van der Veer: mei rju achte tanksizzing wol ik úthammerje út de AKKO:

Jelmer Oldenhof.

Van der Veer: mei rju achte tanksizzing wol ik úthammerje út it Kolleezje fan Riedslju:

Teunia Stilma,  
Anno Veltman.

Van der Veer: ik wol graach ynhammerje yn de Tostykom:

Tony Herbrink.

Van der Veer: ik wol graach ynhammerje yn de Snuteboekkommissje:

Thymo Baak,

Welmoed Sjoerdstra,  
Jorn Stavenga,  
Jacob Wijnsma,  
Tjitte Hemstra,  
Berber Wierda,  
Jantsje Kroes.

Van der Veer: ik wol graach ynhammerjen yn de Fryske les kommisje:

Welmoed Sjoerdstra,  
Fardau Visser.

Van der Veer: ik wol graach ynhammerje yn de PK:

Jantsje Kroes

Van der Veer: ik wol graach ynhammerje yn de Itensiederskommisje:

Welmoed Sjoerdstra.

Van der Veer: ik wol graach ynhammerje yn de Harpekommisje:

Welmoed Sjoerdstra,  
Johannes Wilkens,  
Anne-Wil Bakker.

Van der Veer: ik wol graach ynhammerje yn it Kolleezje fan Riedslju:

Sander Postma,  
Anne-Wil Bakker,  
Bob Wittermans.

## Moasjes

**1. De húshâldlike gearkomste byien op de foarste tiisdei fan de hjerstmoanne is fan betinken dat: Jelte de Vries de muzyk net mear dwaan mei, want dy draait allinnich mar krystmuzyk, en giet oer ta de oarder fan de dei.**

Baak: it wie in gleonhjitte dei, en dy jonge draait krystmuzyk. Dat binne gjin grappen, dat binne streken. De Vries seit him net ta.

**2. De húshâldlike gearkomste byien op de foarste tiisdei fan de hjerstmoanne is fan betinken dat: it nije bestjoer de Bernlefklompen drage moat nei de konsty's ta. Undertekene troch:**

It bestjoer seit de moasje ta.

## 16. Omfreegjen

Baak: hoe fine jim it sels gean?

Van der Veer: oant no ta bêst wol goed!

Kraak: hoe dogge jim it mei nei soas gean?

Van der Veer: we romje it hjirre op en dan kinne de earste 24 dy't ynskreaun stean op 'e side nei soas ta!

Jantsje: gean jim like folle dwaan as Anne-Wil oan 'e powerpoints?

Stamm: dat is wol moai, dus ik tink it wol!

## 17. Sluten

De HG wurdt slúten om 23.58.